



Nij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXX, nûmer 4

winter 2021

ISSN 2352-8958



Jenny Douwes
“Jantsje fan Arke”

(1)



(2)



(3)



Byskriften:
 1: Aant Jelle Soepboer is ûnderwiisadviseur foar it Frysk en ek FNP-riedslid yn Noardeast-Fryslân.
 2: Mariëtte Hamer wie yn 2021 ynformateur foar in nij kabinet.
 3: Froukje de Jong-Krap, foarsitter fan it EBLT.
 4: Sander Hoekstra docht behalven it wurd ek de ponge op it Reaklif (foto: S.T. Hiemstra, 25-9-2021).
 5: Elly Schoonbeek-de Jong fertelt oer har motivaasje foar de JFM op de feestlike algemiene ledegearkomste (foto: S.T. Hiemstra, 04-09-2021).
 6: De barbecue fan de Smokey Bandits falt der tige yn en soarget foar 'ferbining' tusken de leden (foto: W. Jetten).
 7: Smûk mei-inoar ûnder it tintedak op de jiergearkomste fan de JFM by Sander Hoekstra te Oerterp (foto: S.T. Hiemstra, 04-09-2021).
 8: Sander Hoekstra hâldt foar de JFM in treflike taspraak op it Reaklif by Warns (foto: S.T. Hiemstra, 25-09-2021).

(5)



(4)



(6)



(7)



(8)



Ús eigen Taal (38)

Sytze T. Hiemstra

Twa wichtige brieven fan it EBLT yn de striid foar it Frysk

Op 27 maaie 2021 hat it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* in Frysktalich brief stjoerd oan frou Mariëtte Iris Hamer, dy't doe ynformateur wie foar it foarmjen fan in nij kabinet. It brief ropt op om no ris echt wurk te meitsje fan it beskermjen fan it Frysk en oare erkende talen yn Nederlân.¹

It oanbelangjende brief waard ek yn it *Hollânsk* ferstjoerd, want, lykas bekend, binne se op it mêd fan it Frysk yn De Haach ornaris tige taalswak. Ingelsk liket dêr folle minder in probleem te wêzen ...

It belied fan it sintralistyske, steatsnasjonale Haachske/Hollânske bewâld hat al twa iuwen lang ien west fan it hieltiten mar wer opkearen en frustearjen fan it Frysk yn alle foar ús wichtige maatskiplike domeinen. De ûnkunde en ûnwil spat der alle kearen wer ôf. It begryp stadige 'etnoside' is dêr in goede oantsjutting foar. Ik bin tige benijd oft dizze aksje wol wat opleverje sil. Faaks moatte der sa njonkenlytsen dochs oare 'kneppels' komme ...

In twadde, allinnich Ingelsktalich brief is op 20 sept. 2021 skreaun oan it komitee fan saakkundigen fan de Ried fan Europa as ynformaasje foar it 8ste periodike rapport foar Nederlân. Der binne 6 wichtige oanbefellings oan taheakke. Hooplik leveret it Ingelsk net al te folle swierrichheden op foar ús lêzers, want it brief is wat te lang om der allinnich foar *Nij Frisia* in Fryske oersetting fan te meitsjen.



Sytze T. Hiemstra

It Frysktalige brief oan ynformateur Hamer (27-05-2021)

Europeesk Buro foar Lytse Talen EBLT
p.a. Fryske Akademy
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
E-post: EBLT@fryske-akademy.nl

Ljouwert/Leeuwarden, 27 maaie 2021

Achte frou Hamer,

Mei grutte niget folgje we jo wurksumheden by it foarmjen fan in stabyl regear. Wy winskje jo dêrby in soad sukses. Foarútgong is ek krekt datjinge dat it Europeesk Buro foar Lytse Talen EBLT neistribbet, as it giet om de posysje fan minderheidstalen yn Nederlân. It EBLT is it platfoarm fan organisaasjes dy't opkomme foar de minderheidstalen Frysk, Limboarchsk, Nedersaksysk en Papiamentu.

Nederlân hat foar de talen Frysk, Limboarchsk en Nedersaksysk yn 1998 it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen fan de Rie fan Europa ratifisearre. Doel fan dat Hânfêst is om minderheidstalen te beskermjen, te ûntwikkeljen én te befoarderjen. Nederlân docht dêr, neffens it lêste rapport fan de Rie fan Europa fan 23 septimber 2020, te min oan. It ûnderwiis yn it Frysk sjit sels sa

¹ Sytze T. Hiemstra is fertsjintwurdiger fan de Seksje Frysk fan de VLLT (Vereniging van Leraren in Levende Talen) yn it EBLT.

[ferfolch begjint op side 5]

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 maart 2022. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en dr. Bertus Jans Postma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

drs. Sytze T. Hiemstra, Sander Hoekstra, drs. Kerst Huisman, Ed Knotter, Wolter Jetten, Jaap Slager en Aant Jelle Soepboer.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Jenny Douwes, Sjoerd Groenhof, Chris van Hes (foarsitter), Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten (skriuwer/skathâlder) en Elly Schoonbeek-de Jong.

By de foarside

Jenny Douwes (bestjoerslid JFM) is net sa gau benaud en giet de Fryske striid ek op it Reaklif (25-09-2021) mei oan (foto: S.T. Hiemstra).

Fan de redaksje

It brûst yn de *Jongfryske Mienskip*. Yn dit nûmer wurdt ferslach dien fan twa eveneminten fan ús mienskip: Sytze Hiemstra nimt yn it ferslach fan de *Algemiene Gearkomste* (4 septimber 2021) yn 'Wat wol en docht de Jongfryske Mienskip?' de **strategyske piramide** op.

En de Warns-betinking, dy't dit jier fanwegen koroana net trochgje, waard in spontane manifestasje, dêr't Sander Hoekstra en Kerst Huisman harren ideeën klear en dúdlik foar it ljocht bringe koene. Ed Knotter hat der ferslach fan dien, Sander syn praatsje is opnommen en Kerst kriget, al is it yn in wat oare kontekst, oan de ein fan dit nûmer ek wat mear omtinken foar syn *grûnwet*. Op in oare spreker, de wittenskipssjoernalist en fotograaf Rypke Zeilmaker, komme wy faaks letter ris werom.

It waarme pleit dat Sander Hoekstra as ynspreker yn de riedsgearkomste fan Noardeast-Fryslân op 8 july 2021 holden hat oer it fêststellen fan de Fryske plaknammen, is ek yn dit nûmer te lêzen. It wie in gearkomste mei in feestlik tintsje, mar gjin feest, want it politike gekonkel en gegriem moast derfoar soargje dat it sukses fan it Frysk yn it iepenbier net al te skeve eagen by de tsjinstanners opsmite soe. Aant Jelle Soepboer hie lykwols in fjurrige en oertsjûgende taspraak, dy't wy jimme net ûnthâlde woene.

Der is ek omtinken foar de striid foar ús memmetaal. Sytze Hiemstra bringt twa brieven fan Froukje de Jong Krap, fan it EBLT, yn it omtinken: in brief oan kabinetsynformateur Mariëtte Hamer en in Ingelsktalige brief mei oanbefellings foar it *Committee of Experts* fan de *Ried fan Europa*.

En dan sit der mear *ferskaat* yn it bestjoer. It is lang lyn dat der foar it lêst froulju yn sieten. En dêr kinne wy wiis mei wêze. Jaap Slager ferliket Jenny Douwes mei Jeanne d'Arc. Jenny hat echt yn it striidperk stien om foar alle Friezen it rjocht op it brûken fan har memmetaal by de rjochtbank te ferdigenjen, want dy ynstânsje is yn 'e grûn noch altiten anty-Frysk – sa't wy okkerdeis jit fan de rjochtbankpresidint fernimme koene –, en Jenny hannele dêrmei faaks net yn har eigenbelang. It plak op de foarside komt har ta! Lokwinske en dat Jenny en Elly foar de Jongfryske Mienskip like wichtich wurde meie as Wike Zylstra yndertiid wie.

In soad lêsnocht tawinske.

Piter Dykstra

[ferfolch fan s. 3]

tekoart, sawol kwantitatyf as kwalitatyf, dat in protte jonge Friezen de eigen taal net goed genôch skriuwen leare. Dat seit fierders neat oer de taalfoarkar fan de jonge Friezen: neffens ûndersyk fan de Fryske Akademy wurdt troch de jongerein en âlderein mannichfâldich yn it Frysk appt en sms't, mar dan wol yn fantasystave-ring. Dat jout oan dat it oanbod oan goed Frysk of meartalich ûnderwiis net oan it ferlet foldwaan kin. Fryske âlden kinne der no net fan op oan dat de basis-skoalle yn eigen doarp of wyk Frysk op nivo ûnderwiist; der binne aldergelokst skoallen dy't dat dogge, mar der binne ek skoallen dy't amper Frysk ûnderwize, in praktyk dy't foar gjin inkeld oar skoalfak tolerearre wurde soe.

In oar oandachtspunt belanget de relative (ûn)sichtberens fan de twadde rykstaal oan, ek by de Ryksoerheid. Ientalige Nederlânske opskriften en ientalich taalgebrûk is, ek yn Fryslân, spitigernôch noch fierste faak de noarm. Dêrmei wurde it Frysk en de Frysktaligen dochs echt tekoart dien. Oft it no in treinstasjon oanbelanget, de rjochtbank, de plysje, de sikehuzen of it belesting-kantoor, de Fryske taal ûntbrekt hast oeral. Nederlân en Fryslân rinne dêrmei efter yn ferliking mei oare meartalige regio's yn Europa yn lannen lykas Finlân, Spanje, it Feriene Keninkryk of Switserlân. De provinsje Fryslân is dêrmei dwaande, mar hat te min foech om dat allinne te regeljen. It is hjir winsklik dat it Ryk de Fryske taal net allinne weardefol en lykweardich neamt, mar ek dat it Ryk him dêrneffens hâldt en draacht troch de Fryske taal aktyf te brûken yn de kommunikaasje mei de Fryske boargers. Yn de ôfrûne jierren barde dat meastal pas neidat Fryske organisaasjes of Fryske politisy yn aksje kamen.

Foar it Nedersaksysk hat de Ryksoerheid yn oktober 2018, tweintich jier nei de ratifikaasje fan it Hânfêst yn 1998, in konvenant sletten mei de belutsen provinsjes en gemeenten. It EBLT is dêr wiis mei, mar konstataret ek dat der nei it sluten fan it konvenant in frij bytsje bard is. Foar it Nedersaksysk is it foaral fan belang dat de taal in plak kriget op bernedeiferbliuwen, pjutteboartersplakken en it basisûnderwiis en dat dat goed fasilitearre wurdt mei learmiddels en saakkundich personiel. Dat is nammers in konstante yn it Nederlânske belied tsjin de erkende minderheidstalen oer. Nederlân is tige goed yn it útsprekken en opskriuwen fan moaie yntinsjes. Dy fraaie yntinsjes dêrnei ek útfiere en mooglik meitsje bart spitigernôch noch lang net altyd.

In nij regear en in nije regearperioade liket ús in goed



Hoe sit it mei frou Hamer har kennis, fielen en wollen as it om it Frysk giet?
(Foto: nl.wikipedia.org)

momint ta om in nije start te meitsjen mei it adekwaat en effektyf styppen fan de erkende minderheidstalen fan Nederlân. Wy binne yn alle gefallen ree om dêrfoar yn petear te gean mei sawol de nije koördinearjend bewâldfierder, yn 'e regel de minister fan Ynlânske Saken en Keninkrykrelaasjes, as ek mei it parlemint. Wy roppe jo dêrom op om yn de regearingsferklearring opnimme te litten dat de regearing wurk meitsje sil fan de beskerming fan alle erkende talen fan Nederlân, en dat der dêrom in strukturele dialoach komme moat tusken Ryk, organisaasjes fan sprekkers fan minderheidstalen en de Twadde Keamer om it beskermjen fan de minderheidstalen Frysk en Nedersaksysk better boargje te kinnen, neffens de letter en geast fan it Hânfêst.

Hiel yngewikkeld hoecht it organisearjen fan sa'n petear trouwens net te wêzen. Yn de Bûnsrepublyk bewekket en befoarderet in senior politikus yn de rol fan 'Minderheitenbeauftragte' it neilibjen fan it neamde Hânfêst en it belied op it mêd fan de minderheidstalen. Hy wurdt yn dat wurk stipe troch in sekretariaat en in kommisje fan de Bûnsdei, dy't harren op syn minst ien kear jiers oer de matearje en de foarútgong – of it temin oan foarútgong- bûcht. It is in model dat yn de goed tsien jier dat it funksjonearret syn wearde mear as bewiisd hat.

Mei rju achtinge / Met hoogachting,

Froukje de Jong-Krap,
foarsitter / veurzitter fan it EBLT

Mei ôfskrift oan de Fryske keamerleden, de keamerleden mei Frysk/minderheidstalen yn harren portefúlje en de media.

It twadde, Ingelsktalige brief fan it EBLT oan de Ried fan Europa (20-09-2021)

Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)

c/o Fryske Akademy
Postbus 54
8900 AB Ljouwert
Fryslân
The Netherlands

Council of Europe
Secretariat of the European Charter for Regional or
Minority Languages
Committee of Experts
Directorate General IV - Education, Culture and Heri-
tage, Youth and Sport
F-67075 Strasbourg Cedex
France

Information for the 8th periodical report for The Ne-
therlands

Ljouwert, 20th of September 2021

Dear members of the Committee of Experts,

First of all, the umbrella organisation EBLT (Europeesk Buro foar Lytse Talen) would like to thank you for the declaration you issued in March last year about the importance to use minority languages in communications about Covid and Covid-related issues. Before I continue, let me first introduce EBLT to you: EBLT is an umbrella organisation for 23 organisations working on behalf of the minority languages in the Netherlands, which are Frisian, Bildts, Low-Saxon and Papiamentu. Now that the Dutch government has submitted its periodical report we would like to make use of the opportunity to share some of our experiences. From our experience, there is a gap between the paper of the charter with all fulfilled, partly fulfilled or unfulfilled provisions and what actually happens on the ground.

In Fryslân the usage of Frisian was overlooked to a great extent by authorities at all levels, especially during the first months of the pandemic. In due course this has gradually improved slightly, but from our point of view there still is plenty of room for improvement. In the Netherlands the so-called 'Veiligheidsregio's' (Safety-authorities) are particularly important in all matters concerning health and safety. Fryslân has its own



Froukje de Jong-Krap striidt as echte Bilkert wól foar it Frysk! (Foto: contactout.com)

Veiligheidsregio Fryslân, which is ruled by the mayors of the Frisian municipalities. The Veiligheidsregio simply does not have a language policy. They are not against Frisian, but they do not use the language in any written form of communication or on their website. The same can be said about the GGD (Common health service), the regional police and the regional fire brigade, which are all governed by the same Veiligheidsregio. The website <https://www.veiligheidsregiofryslan.nl/> offers information about corona in English (<https://www.veiligheidsregiofryslan.nl/coronavirus/english/>), but not in Frisian. As EBLT we are not opposed to information in English, but we do regret that the same information is not made available in the Frisian language, in spite of its co-official status in the province of Fryslân. As EBLT we have written a letter about this issue to the board of the Veiligheidsregio Fryslân, but until today we did not receive any answer.

I would like to add that people working for both Veiligheidsregio and GGD Fryslân speak Frisian frequently in informal and oral settings. It is spoken at all vaccination centres and used to make people feel at ease. At these centres it is also possible to make a selfie with the Frisian announcement 'Ik bin faksinearre' (I received a vaccination.) This is sympathetic, but quite far from a serious and equal treatment of both official languages in Fryslân. Even today all written information people receive at home about the vaccination is monolingual Dutch. Even the leaflet with general information about the vaccination programme is not available in Frisian. Last year, the absence of Frisian in all communication about Covid was also debated in the Dutch

parliament. MP Nevin Özütok of GroenLinks put forward a motion asking the government to use Frisian also in all communications about the vaccination programme. Minister Kaja Ollongren embraced the suggestion, but on the ground in Fryslân very little changed. In practice it is up to the Veiligheidsregio to decide their own language policy. This is a bit problematic, because the Veiligheidsregio is not directly controlled by a representative body, such as the Frisian parliament or municipalities.

It was at the request of several politicians from Fryslân that the ministry of the interior made a Frisian version of the so-called 'Avondklokverklaring' (Permission to be outside after curfew), which was made obligatory last winter. This gesture was appreciated, but at the same time it irritated the Frisians that this form was not made available in both languages straight away. There were more initiatives during the pandemic: at the initiative of the province the basic Covid rules were translated in all languages and varieties spoken in Fryslân, such as Bildts, Stellingwerfs (which is a variety of Low Saxon) and Town Frisian. Also several municipalities in Fryslân used both Dutch and Frisian.

When it comes to language policy the position of the aforementioned Veiligheidsregio is simultaneously crucial and problematic. As a 'common public body' the Veiligheidsregio is not democratically controlled and apparently also ignores existing rules for the Frisian language such as the European Charter for Regional and Minority Languages or the Framework Convention for National Minorities. In the Frisian political landscape we have more so-called common organisations such as the common environmental service institute FUMO (<https://www.fumo.nl/>) and the public waste enterprise Omrin. In spite of Frisian names, both FUMO and Omrin lack a proper language policy. For EBLT it is particularly important that these bodies also use Frisian in their communication directed at larger audiences. In which language they write their internal documents is of less importance.

Recommendation 1.)

The recognition of the Frisian language is not limited to democratic elected bodies such as the Provinsje Fryslân or Frisian municipalities. Also so-called 'gemeenschappelijke regelingen' (common public entities) such as GGD Fryslân, Veiligheidsregio Fryslân, FUMO and Omrin are encouraged to develop bilingual policies and communicate bilingually with the citizens in Fryslân.

In Fryslân the Provinsje Fryslân usually communicates bilingually with the inhabitants. This also includes a wide usage of the language on social media and other platforms.

The Dutch state still overlooks Frisian, also when the state writes letters to all citizens. A recent letter about the donation of organs and tissues after one's death from the Ministry of Health is available in German, English, Spanish, French, Polish, Turkish and Chinese and Arabic, but not in Frisian. For EBLT this comes pretty close to discrimination of our language. We believe that in cases that the Dutch government is communicating multilingually, because the authorities want to reach all citizens, this message or letter should always be available as well in Frisian, which is the second official language of the Dutch state.

The same practice is visible in the police stations in Fryslân. The police provides suspects with leaflets about their rights. These leaflets are available in various languages, such as Turkish or Arabic, but never in Frisian. Apparently the Dutch authorities presume that the Frisian speakers do not commit any crimes. Unfortunately this is not the case. Still, it is peculiar that the police too overlooks Frisian in all written forms of communication.

Recommendation 2.)

Urges the Dutch state to make sure that all information the Dutch government provides multilingually is always also available in Frisian.

Compared to the 5th monitoring cycle the independence of Frisian public broadcaster *Omrop Fryslân* is no longer directly threatened. This does not mean that the organisation is without problems. Omrop Fryslân finds it increasingly difficult to find and attract young journalists who are able to work and publish in the Frisian language. Fryslân is in need of a training facility for journalists in the Frisian language. It goes without saying that it is difficult to keep a broadcasting station up and running without any training facility. EBLT therefore recommends that such a facility is created – e.g. in collaboration with the academic study Minorities & Multilingualism of the Frisian department in Groningen, with the university of applied science in Ljouwert, or with Campus Fryslân, the faculty of this University in Ljouwert.

We also recommend that the government signs and ratifies the provision in the Charter about the training of

journalists in Frisian. In the last language covenant minister of the interior Kajsja Ollongren expressed that she is ready to look at the possibility to sign additional provisions, when this proves to be of additional value.

In the last language covenant the Dutch state and the province Fryslân agreed that they will jointly study the possibility to sign and ratify additional articles of the Charter, if there is a good reason to do so. EBLT appreciates this opening and suggests the Dutch state to start with article 11.1.g in which the state promises *to support the training of journalists and other staff for media using regional or minority languages.*

After the promise of the minister it is at least a bit disappointing that the seventh report of Netherlands does not mention any proposal for additional provisions it could sign and ratify.

Recommendation 3.)

Recommends the Dutch state to sign and ratify article 11.1.g on the training of journalists and other staff for media using regional or minority languages and enable the creation of a proper training facility for journalists in the Frisian language.

Recently the Frisian municipality of Achtkarspelen took the initiative to organise a few introduction workshops about the Frisian language and multilingualism for asylum seekers in order to enhance their integration in the Frisian society, which is overwhelmingly *Frisian speaking* in Achtkarspelen. However the Dutch minister of social affairs Wouter Koolmees labelled these workshops as ‘unnecessary’. In his view, newcomers should learn Dutch only. Apart from Achtkarspelen and the Provinsje Fryslân, anti-discrimination organisation Tûmba is also angry about this and wrote a letter to the minister. “Refusing newcomers a Frisian course, means excluding them in their own village. I see this as double discrimination. This decision is bad for the newcomers, but also bad for the Frisian language”, director Mirka Antolovic of Tûmba told Frisian broadcaster Omrop Fryslân.

Recommendation 4.)

Encourages the Dutch state to offer newcomers in Fryslân the possibility to learn Dutch and Frisian. An introductory course to Frisian should become an integral part of the integration curriculum.

Recently one of our board members attended a court case in Leeuwarden, where a Frisian stood trial for a conflict with a Syrian family. While the Syrians were supported by an interpreter, who translated every single word into Arabic, the Frisian suspect was audibly struggling to express himself in Dutch. The Frisian did not feel at liberty to speak his own language in front of a rather strict Dutch judge, who possibly might send him to jail.

According to a known criminal lawyer this is almost daily practice in the court of Leeuwarden. Dutch is the rule, Frisian the exception and the right to speak Frisian sometimes appears to be more theory than reality. Speaking Frisian in court nowadays is only possible if this has been announced and arranged beforehand. This is quite far from the official and legal principle that everyone has the right to speak Frisian in court, without any preconditions.

From our point of view the court and the justice systems need a whole new approach towards becoming a truly bilingual court, where Frisian is encouraged and not discouraged and where the right to speak Frisian is guaranteed. This certainly means language courses for outsiders working in the court of Leeuwarden, but also bilingual signs and a policy of the court Noord-Nederland – which operates in Fryslân, Groningen and Drenthe – to allocate cases involving Frisians to the court in Leeuwarden.

In 1951 the Frisian activist, journalist and poet Fedde Schurer appeared in court in Ljouwert/ Leeuwarden for the right to speak Frisian. He was summoned in court for insulting a judge who denied Frisians to speak their own language in court. He described this judge in his editorial as ‘the last member of the gang of the Black Hope’, which was a gang that ransacked and pillaged Fryslân in the late middle ages. For this court case the public interest was rather big and most of them were denied entrance to the court. This led to language riots on the market square in front of the court. The police used clubs and a water cannon to disperse the crowd, and therefore these well documented events became known as ‘Kneppelfreed’ (‘Club Friday’). After a number of years the law was changed and Frisians officially got the right to speak Frisian in court. However, nowadays this right is once again in peril and 70 years of Kneppelfreed almost appears to mark the end of Frisian in court as well.

At present there is only one official interpreter for Frisian available, Fedde Dijkstra. Mr. Dijkstra informed us that he does no longer accept any new assignments to translate Frisian in court, because of the very poor payment he receives for this work. He took this decision after several years of fruitless negotiations with the ministry of justice about the tariffs for legal interpreters. EBLT does not reproach Mr. Dijkstra anything. To the contrary, he guaranteed the possibility to use Frisian in court in front of lawyers and judges from elsewhere all by himself for many years. EBLT is however critical about the conduct of both the Ministry of Justice and the public prosecutor in Leeuwarden. They have been warned many times about the very vulnerable position of Frisian in court and they have failed to take the necessary measures in time to ensure that enough interpreters of Frisian are available.

Recommendation 5.)

Calls upon the Dutch state to guarantee that in Fryslân and at all sessions of the Rechtbank Noord-Nederland and the Gerechtshof Leeuwarden-Arnhem Frisian can be spoken anywhere, anytime and that the Dutch ministry of justice takes all necessary measures to ensure that Frisian and Dutch are treated with equal status in the court. It goes without saying that a number of Frisian interpreters should be made available against a reasonable tariff.

The Dutch state report was made with 'input' of several Frisian organisations. EBLT wishes to underline that we were not invited to contribute to this state report. As an NGO we also prefer to write our own report, based upon our experiences during the last three years.

The Dutch state created the website www.erkendeta-len.nl. Although the site is called 'recognised languages' in plural, this website is available in the Dutch language only. This is typical for the linguistic practice of the Dutch state. The Dutch state usually operates in Dutch, sometimes in English and in very few cases also

in migrant languages, if the state wants to reach out to all inhabitants. Frisian, let alone the other 'recognised languages' are usually overlooked.

The EBLT is worried about the future of Frisian at the University of Groningen. The Rijksuniversiteit Groningen (RUG) is the only institution which offers Frisian at academic level. However, in recent years Frisian has become part of the broader study 'Multilingualism and Minorities'. Therefore the number of hours available for Frisian has become too limited to be considered a complete academic study of the language in all aspects. We would like to add that at this stage, the only university in the world offering Frisian in its own right is the Christian-Albrechts-Universität in the German city of Kiel.

This fact strikes EBLT as rather odd. Germany, with its small Frisian minorities, offers a complete academic study programme of Frisian, including the Frisian language in the Netherlands, while the Netherlands, with a much larger Frisian minority, only offers a Frisian track as part of a broader study, called Minorities and Multilingualism. EBLT is not against a broader study. We just plead that all aspects of Frisian, such as old-Frisian, can be studied to the full extent and by all students wishing to do so at the University of Groningen and that all facilities are available without barriers. We would like to add that since a number of years the University of Groningen also has a faculty in the Frisian capital of Ljouwert. We could very well imagine that a master study of Frisian might have a bright future in Fryslân.

Recommendation 6.)

Encourages the Dutch state to guarantee at least one complete academic study of Frisian, preferably at the University of Groningen.

Mei rju achtinge / Yours sincerely,

Froukje de Jong-Krap,

president of Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT)

Pleit foar Fryske plaknammen troch Aant Jelle Soepboer

(riedslid FNP, gemeente Noardeast-Fryslân) op 8 july 2021

Aant Jelle Soepboer

Ús ynleave Fryske taal. Dêr giet it hjoed oer. Te grut om ús der soargen oer te meitsjen, mar fierstente lyts en te brekber om ús dat tastean te kinnen.

Yn Fryslân wenje sa'n 650.000 minsken. De measten kinne it Frysk yn grutte halen ferstean, in soad kinne it prate al is it healbizich, in stikmannich kinne it lêze al giet it stadich en net in kop kin it skriuwe. Wy binne ornaris analfabeet yn ús eigen taal en wy fine it de gewoanste saak fan de wrâld. Dat it op skoallen mei twa kertier yn de wike mei it sjen nei Fryske filmkes ophâldt, is net oars, en in soad skoallen komme dêr sels net oanta.

It Frysk is aardich om út en troch ris te brûken, 'putsjebedriuw' op in buske of 'Wolkom' by de supermerk. En fansels earst al efkes op de staveringshifker sjen hoe't wy dat ek alwer krekt skriuwe. Frysk moat *fun wêze*, hear ik guon sizzen. En fansels bin ik it der mei iens dat wy it Frysk sa oantreklik mooglik meitsje moatte, mar wat sokke minsken eins sizze wolle is: meitsje der foaral gjin halssaak fan. Wy moatte it net oerdriuwe ...

Alle reaksjes om it rjochtmjittich Frysk meitsjen fan de plaknammen tsjin te gean binne in faai teken.

Dat it rjochtmjittich Frysk meitsjen fan de plaknammen mei in *amendement* ôftwongen wurde moast, wylst der tal fan ôfspraken lizze yn hânfêsten, ramtferdraggen, wetten op de Fryske taal en de bestjoersôfspraak Frysk is fansels idioat. De gemeente hat sitten te sliepen. It hie gewoan yn it ramt fan de harmonisaasje yn it beliedsplan Frysk sitte moatten en dan hiene wy der gjin wurden oan smoarch hoege te meitsjen lykas by alle oare harmonisaasjestikken dy't gewoan trochfierd wurden binne. Yn stee dêrfan waard de yllúzje opropfen dat boargers fan alles fine mochten, samar in foarkar op it aljemint bringe mochten krekt as wiene der gjin beheining. De PvdA foarop, in grut part fan de rebûlje dy't



Aant Jelle Soepboer is ûnderwiisadviseur by it Cedin en FNP-riedslid yn de gemeente Noardeast-Fryslân.

ûntstien is, is te witen oan in enkête fol flaters oer kombuorden, dy't hja nei alle doarpsbelangen stjoerd hawwe en dy dêrmei folslein op 'e ferkearde foet set hawwe. Dy fraksje hie it dúdlik net begrepen.

Dochs begryp ik in part fan de rebûlje wol, foarsitter. It rekket minsken, linksom of rjochtsom, posityf of negatyf. It giet net allinnich om letters op in boerd, it giet oer emoasje. Sa fiel ik it ommers ek. Faak is emoasje in primitive reaksje, in reaksje dêr't it ferstân net oan te pas komt. Ja, letter om de emoasje goed te praten. Dat begryp ik ek. Ik begryp hiel goed dat minsken har wol drok meitsje kinne oer it feroarjen fan ien letter op in boerd, mar net oer it fuortbestean fan ús taal. Fan X nei KS bygelyks yn *Waaksens*. It spilet him yn har eigen doarp ôf, faaks rjocht foar de ruten. It is tichteby, it is sichtber en it is oer te sjen, wylst it rêden fan it Frysk in fier-fan-har-bêd-show is. Eat foar sinnige griiskoppen dy't dochs altyd lêbich bliuwe en alles oerdriuwe, wylst der neat oan de hân is. Of net?

Friezen, it Frysk glûpt ús troch de fingers hinne as wy de hannen der net foar gearslaan en ús fingers net gearfris-selje! Oan alle minsken dy't om hokfoar reden dan ek tsjin it fieren fan de rjochtmjittige Fryske plaknammen binne en dat sjogge as 'oerdreaun' ... Oan alle minsken dy't sizze: 'Ik bin wol in Fries hear, mar ...' Ik freegje jimme: hoe faak realisearje wy ús net fierstente let watfoar weardefols oft wy yn 'e hannen hiene? Hoe faak net misse wy pas eat as it der net mear is? Hoe faak winskje wy efternei net dat wy it oars dien hiene ...?

Dan koart oer de ynhâld fan it kolleezje-útstel dat neffens de FNP-fraksje in treflik útstel is! Fansels is it dreech om it eltsenien nei't sin te meitsjen, mar wy hawwe it idee dat der goed nei de arguminten fan de minsken harke en ek de help fan ferskate advysorganen ynroppen is.

Mei de nammen yn de easthoeke (Warfstermolen, Burum en Munnikezijl) kinne wy goed libje omdat se in

skiednis hawwe yn it Westerkwartiersk, al hiene wy leaver in moaie dialektyske fariant sjoen lykas *Muntjesyl*, mar hawar. *Kollumerpomp* is fansels gewoan Frysk.

Dan de doarpen dy't sa'n rebûlje makken en sels drigen mei de gong nei de rjochter. Dêr bin ik net sa gefoelich foar, it moat op basis fan arguminten. Wy hawwe alles, mar dan ek echt alles goed besjoen. Wy hawwe it as kolyse wiidweidich besprutsen, wêrfoar tank, en binne ta de konklúzje kommen dat dy doarpen kûlânse fertsjinje, al wie it mar om sjen te litten hoe dreech oft de Fryske emansipaasjestrind is en hoe sterk de krêften dy't it tsjinwurkje (*dêrnei komt it yntsjinjen fan it amendemint*).

Dan noch efkes koart oer alle lakreden dy't wy foarby kommen sjoen hawwe:

Hege kosten 448.000

Dy kosten wurde alhiel dutsen út provinsjale subsydzjes en weryndielingsjilden fan it Ryk. It kostet de gemeente dus yn wêzen neat en it is ek noch in ynvestearring yn ús kapitaalguod.

Postrinners/toeristen kinne it net fine

Fansels folsleine ûnsin, it is 2021 en alle online-rûteplanners lykas 'maps' binne der klear foar. Dêrneist fine toeristen it faaks folle dúdliker om mar ien namme te ûnthâlden en sette wy ús identiteit yn de etalazje.

Ûndernimmers moatte alles feroarje

Ûndernimmers hawwe jierren de tiid om dit foarinoar te bringen. It útstel sil pas fan 2023 ôf ynfierd wurde en de ynfiering sil nei alle wierskyn wol fiif jier duorje.

Dan, ta einbeslút ...

Foarsitter, it giet hjir hjoed net om tegeltsjefrysk, dit is gjin lestich gedoch. Dit, wat wy hjoed dogge, binne de earste foarsichtige lytse stapkes nei it libben hâlden fan ús taal en it weromfinen fan ús selsrespekt!

Eala Frya Fresena!

Ynsprekken fan Sander Hoekstra op 8 july 2021

oangeande de plaknammeferoaring

yn Noardeast-Fryslân

Doe't de eardere gemeente Boarmsterhim let yn 'e jierren '80 Fryske plaknammen ynfierde, spuide ús beit raar guod. Reduzem, it liket fergeemje wol Russysk, sei de âld man. Hy koe prottelje wat er woe, mar yn goed trije jier tiid wie de namme gewoan wurden en spruts gjinien mear oer Roordahuizum.

Ik wie 25 jier en waard my bewust fan myn Fryske identiteit en haw ûnderweis hiel wat diskusjes fierd mei ûnheilsprofeten dy't allinnich mar apen en bearen seagen as it om Fryske plaknammen gie.

Ek nei't de doarpen yn Tytsjerksteradiel en Ferwerderadiel de eigen nammen werom krigen, draaide de wrâld noch altyd troch en liet de sinne him alle dagen wer sjen. De ûnheilsprofeten hienen gjin gelyk krige. Minsken fûnen noch hieltyd it paad nei Ferwert (mei in t) en Jistrum. Mei help fan *Google Maps* kinne sawol de Nederlânske as Fryske plaknamme ynfierd wurde. Besykje op *Google Maps* mar ris Ljouwert yn te typen. Dy makket der fuort *Leeuwarden* fan. Oarsom wurket it ek, want yn dit gefal is Frysk de *offisjele* namme.

Wa't om hokfoar reden dan ek tsjin Fryske plaknammen is, is faak net op 'e hichte mei de technyske mooglikheden. Guon Friezen geane op fakânsje yn Kroaasje, Itaalje of Frankryk en sjogge de plaknammen yn dy lannen en dêr rêde sy har hjoed-de-dei dochs ek gewoan mei?

Om it jier 1900 hinne wie de offisjele taal fan Nederlân it *Nederlânsk*. In ientalich lân sûnder romte foar ferskaat ('diversiteit'). No, yn 2021, is Nederlân in meartalich lân. Op de universiteiten wurdt de taal

Ingelsk en yn Amsterdam en De Haach prate de ekspats hast ek allinnich mar Ingelsk. Sels yn de winkels yn Utert is Ingelsk de fiertaal. Dochts wurde yn it nije Europa de talen fan taalminderheden hieltyd mear sichtber. Feroaring bringt soms ek ferset mei. Mar lit jim net fan 'e wize bringe, sûnder feroaring komt der gjin foarútgong. No is de emansipaasje fan de Fryske taal dé foarútgong. In wichtich taalrjocht dat in protte Friezen de erkenning jout dy't sy fertsjinje!

Mei it beslút om ús eigen plaknammen werom te bringen op de buorden dogge wy rjocht! Rjocht oan de iennichste oarspronklike autochtoane taal fan dit gebiet. Fansels is Fryslân hjoed-de-dei meartalich mei it Frysk, Nederlânsk, Arabysk, Turksk, Papiamentu en Ingelsk. Safolle ferskaat fine wy hartstikkene moai! Allinnich as wy nei it Frysk en it Nederlânsk sjogge, dan is it Frysk ús iennige eigen taal en it Nederlânsk is hjirhinne brocht troch de politike machthawwers. Wy binne it thúslân fan de Fryske taal ... As wy de taal net foarút helpe? Wa moat it dan oars dwaan? WA?



Sander Hoekstra is bestjoerslid fan de JFM en wennet yn Oerterp.

Dêrom:

Gemeente Noardeast Fryslân. Ik wol jim út de grûn fan it hert tige lokwinskje mei it wize beslút om Fryske plaknammen yn te fieren. Út namme fan it kulturele ferskaat, de taalemansipaasje en foarútgong fiere wy, mei respekt foar de ûnheilsprofeten, hjoed feest.

Ik tankje jimme wol!¹

¹ De tekst is skreaun troch de JFM-bestjoersleden Wolter Jetten en Sander Hoekstra.

Wat wol en docht de Jongfryske Mienskip?

Sytze T. Hiemstra



Algemeine Ledegearkomste te Oerterp: smûk ûnder it tintedoek (foto: S.T. Hiemstra).

Yn de *Algemeine Gearkomste* fan de *Jongfryske Mienskip* op sneon, 4 septimber 2021 (Selmien West 14, Oerterp, 16.30 oere) binne Elly Schoonbeek-de Jong en Jenny Douwes beneamd ta algemien bestjoerslid en is Sander Hoekstra op 'en nij keazen (hy funksjonearret tenei njonken Chris van Hes ek as foarsitter). Ôfskie is nommen fan bestjoerslid Jos de Boer.

Yn de gearkomste hat de ûndersteande **strategyske piramide** op it aljemint west en ynstimming krige fan de leden. Nei it ôfhanneljen fan de formele punten folge in noflikke en ynformele gearsit mei twa boekpresintaasjes: 1. de dichtbondel *'Brutsen'* fan Sander Hoekstra en 2. de *'Codex Oera Linda: English Edition'* fan Jan Ott. Faaks jouwe wy dêr noch fierder omtinken oan yn *Nij Frisia*. Dêrnei lieten de oanwêzige leden harren de lúkse barbekjû fan *The Smokey Bandits* út Surhústerfean goed smeitsje.

Op 1 novimber 2021 hat de *Jongfryske Mienskip* in Frysktalich brief oan Provinsjale Steaten stjoerd mei dêryn it fersyk Rojava (ek wol: Rojova), it wengebiet

fan de Koerden yn it noarden fan Syrië, as autonome dielsteat te erkennen. In oersetting yn it Ingelsk fan dat brief is nei ferskillende media yn Koerdistan, Skotlân, Baskelân en Kataloanië stjoerd. It brief oan de Steaten is hjir opnommen ûnder de strategyske piramide.

De strategyske piramide fan de Jongfryske Mienskip

Yn 2020 hat de *Jongfryske Mienskip* neitocht oer de fraach: 'Wat docht de Jongfryske Mienskip?' Yn dat dokumint wurdt in *strategyske piramide* taljochte. It bestjoer fan de Jongfryske Mienskip wurket neffens sykly fan fiif jier. Yn ien sa'n syklus wurde in stikmannich boustiennen definiearre dy't de JFM tichter by dat doel bringe moatte.

Ús missy - wêr giet it ús om?

Ús missy is twaliddich:

- It paad nei mear Fryske autonomy yn 2050.
- Mear rjochten foar de Friezen as nasjonale minderheid.



De barbecue fan de Smokey Bandits falt der tige yn en soarget foar 'ferbining' tusken de leden (foto: W. Jetten).

Ús strategy – hoe wolle wy ús missy stal jaan?

Ferkenne, ferbine, ferbreedzje en aksje!

Ús driuwfear – wêrom wolle wy dat?

Wêrom wolle wy dat? Folken sûnder steat ferdwine yn de skiednisboeken. Wy wolle just in takomst yn Europa.

Wêrom moat dat? Oars sjogge wy ús taal, kultuer, tradysjes en identiteit ferdwinen.

Wêrom moat dat net? De taal, kultuer, tradysjes en identiteit jouwe Fryslân syn eigen unike gesicht.

Wêrom binne dy dingen belangryk? Se binne al iuwenlang it fûnemint fan ús Fryske mienskip en dat fûnemint soarget foar fariaasje yn Europa en de wrâld.

Ús wearden – wêr leauwe wy yn?

1. Frysk is in eigen ûnôfhinklike identiteit, los fan Nederlân en Dútslân.
2. Wy dogge as Jongfryske Mienskip gjin partijpolityk.
3. 'Fries is, wa't him Fries fielt': Wy stribje ynklusiviteit nei. Immen dy't him as Fries identifisearret, is sûnder twivel in Fries
4. Wy wize ekstreme (politike, ideologyske) streamingen, sawol lofts as rjochts fan it politike spektrum, fan de hân.

Ús fyzje – wêr wolle wy hinne?

1. De Jongfryske Mienskip wol yn politike rûnten in sterkere eigen lobby.
2. De Jongfryske Mienskip wol it Frysk bewustwêzen op it mêd fan taal en skiednis yn it ûnderwiis fergrutsje.

3. Wy wolle dat it Frysk mear sichtber wurdt yn de mienskip en dat de taal mear brûkt wurdt.
4. De Jongfryske Mienskip fynt dat identiteit (ynter-Fryske identiteit) fersterke wurde moat.
5. It mienskiplik bewustwêzen yn de (histoaryske) Fryske lannen stimulearje en emansipearje.

Ús algemiene doelen – wêr geane wy foar?

1. Friezen yn de Fryske lannen mei elkoar ferbine en ús oppenearje as mienskiplike Europeeske regio.
2. Útfiering jaan oan it *Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderbeden*: It sichtber meitsjen fan de Fryske identiteit yn offisjele dokuminten.
3. Yn basis- en fuortset ûnderwiis lesmateriaal ûntwikkelje litte dêr't de skiednis fan de Friezen in plak yn kriget.
4. Minimaal lykweardigens fan Frysk en Nederlânsk yn alle domeinen.
5. (Fiskale) autonomy foar Fryslân.
6. Fryslân is by steat om yn it eigen enerzjyferlet te foarsjen. Meisizzenskip oer it winnen en de opbringst fan grûnstoffen. Meisizzenskip oer it winnen en de opbringst fan duorsume enerzjy.
7. Fryslân is by steat om yn it eigen itensferlet te foarsjen.
8. Fryslân kin foarsjen yn de eigen rjochtspraak.
9. De Jongfryske Mienskip is in polityk ûnôfhinklik fermidden dat de stim foar Fryslân fertsjintwurdiget. Dat kin sy dwaan om't sy ûnôfhinklik bliuwt fan politike en jildlike streamen. It bliuwt in groeiende organisaasje dy't foar ferbining by de eigen leden soarget. De Jongfryske Mienskip is werkenber, sichtber, wurdt heard, paadsljochtet en set de trend. In beweging om rekken mei te hâlden.



Elly Schoonbeek-de Jong fertelt oer har motivaasje foar de JFM (foto: S.T. Hiemstra).

10. Wy wolle de sizzenkip oer de ynrjochting fan ús ynfrastruktuer en ús lânskip.

Ús gjalp

Ûnderweis nei autonomy!

De útlis

Autonomy is in begryp dat op ferskillende wizen útlein wurde kin. Foar de Jongfryske Mienskip is autonomy it neikommende:

Fryslân is by steat om yn it eigen enerzjyferlet, itensfoarsjenning, rjochtspraak te foarsjen en hat it foech ta it stal jaan fan it ûnderwiis. Dêrnjonken hat Fryslân in sterke eigen regionale identiteit dy't yn bûtenlânske kontakten ek brûkt wurdt.

It is foar him dy't him Fries fielt, mooglik om de Fryske identiteit oan te nimmen mei dêrby it Nederlânsk steatsboargerskip te behâlden.

It grûngebiet fan de hjoeddeistige provinsje Fryslân wurdt, troch it ferkrijen fan de *status aparte*, it fjirde lân yn it Keninkryk Nederlân – en hat dêrmei deselde status as Aruba, Sint Maarten en Curaçao. It heechste demokratysk keazen orgaan fan de Provinsje (de Steaten) wurdt dêrmei it Parlemint fan Fryslân.

Sykly

De sykly binne: 2021-2025, 2026-2030, 2031-2035, 2036-2040, 2041-2045, 2046-2050.

Konkrete doelen yn de syklus 2021-2025

Media:

- In alsidige Omrop Fryslân mei mear stjoertiid en wrâldnijs yn it Frysk.
- Dêrneist in twadde radiokanaal foar jongerein (Fryslân 1 en Fryslân 2).
- Populêre tekenfilmsearjes en films yn it Frysk beskikber meitsje.

Ûnderwiis:

- Fryske skiednis yn it kurrikulum opnimme.
- Yn it primêr ûnderwiis moat der in ferplichte eintoets Frysk komme. It Frysk wurdt dan meinommen yn de einopbringsten.

Identiteit:

- De kier ûntdekke yn de emansipaasjestap om de Fryske nasjonaliteit formeel te meitsjen. Dat dogge wy ûnder oare troch ûndersyk nei de juridyske mooglikheden.
- Ús taal wurdt sichtber op offisjele dokuminten.



Jenny Douwes yntrodusearret harsels by de leden
(foto: S.T. Hiemstra).

Kultuer:

- In nij stânbyld foar Rêdbâd mei fonteinen.

Autonomy:

- De Jongfryske Mienskip folget it politike debat oer de enerzjytransysje en soarget der, binnen syn mooglikheden, foar dat de opwekking fan enerzjy yn Fryslân lyk stiet oan it ferbrûk yn Fryslân. Fryslân wurdt net in wingewest fan Nederlân.

- De Jongfryske Mienskip folget it politike debat oangeande de itensfoarsjening en soarget der, binnen syn ynfloed, foar dat Fryslân yn teory genôch iten produsearret om de ynwenners fan de Provinsje dêrfan foarsjen te kinnen.

- Yn 2025 hat de rjochtbank op syn minst 5 Fryske tolken.

De organisaasje:

- De Jongfryske Mienskip fasilitearret *Nij Frisia* en hat dêrmei in kwaliteitsblêd foar de leden.

- Yn 2025 hat de Jongfryske Mienskip 150 beteljende leden.

- Yn 2022 hat de Jongfryske Mienskip in eigen logo, hússtyl en webside.

- Alle jierren organisearret de Jongfryske Mienskip in

aktiviteit foar de leden en in ynter-Fryske aktiviteit (Explore the North).

Brief fan de Jongfryske Mienskip oan de Fryske Steateleden oer de erkenning fan Rojava as autonome dielsteat (1 nov. 2021)

Rju achte Steateleden,

De Jongfryske Mienskip sjocht graach oer grinzen hinne. Wy hawwe in soad kontakt mei oare minderheden en bytiden freget ús moreel kompas om solidêr te wêzen mei dy minderheden. Net allinnich yn tinzen, mar ek yn dieden. Wolle wy de Koerden yn de Rojava helpe, dan binne leave wurden net genôch.

Rojava is in regio yn it noardeasten fan Syrië, dêr't benammen Koerden libje en fierder Armenen, Assyriërs, Toerkmenen en Sirkassiërs. It regear fan Rojava wol as autonome dielsteat in bân mei de rest fan Syrië foarmje (neffens it model fan de Europeeske Uny). Rojava bestiet as politike ienheid sûnt 2012. De regio hat in grutte rol spile yn it bestriden fan de Islamityske Steat (IS).



Sander Hoekstra draacht in gedicht foar út syn nije dichtbondel 'Brutsen' (foto: S.T. Hiemstra).

Dêrom freegje wy de Steaten fan Fryslân om – as fertsjintwurdiger fan de erkende Fryske nasjonale minderheid – *Rojava* as autonome dielsteat te erkennen neffens it foarbyld fan it parlemint fan Kataloanië.

Út namme fan it bestjoer fan de *Jongfryske Mienskip*, mei freonlike groetnis,

Sjoerd Groenhof,
bestjoerslid en polityk riejouwer fan 'e Jongfryske Mienskip

*P.S. In Ingelsktalige oersetting fan dit brief giet nei ferskillende groepen yn Koerdistan, Kataloanië, Skotlân en it Baskelân.*¹

¹ Yn 'It Nijs' (2 nov. 2021) is ek omtinken jûn oan it brief en foel dêr oan te klikken: [Jongfryske Mienskip freget Fryske Steaten om Rojova te erkennen | It Nijs](#) mei as tekst:

Op 20 oktober 2021 waard Rojova troch it parlemint fan Kataloanië erkend. Wy soenen graach sjen wolle dat de Steaten fan Fryslân it foarbyld fan Kataloanië folget. Wy fersykje de Steateleden dit stik yn in gearkomste fan Provinsjale Steaten te agindearjen en nei oanlieding dêrfan Rojova as autonome dielsteat te erkennen. It soe net de earste kear wêze dat de Steaten fan Fryslân dat dogge. Op 26 febrewaris 1782 namen Provinsjale Steaten it beslút om de Feriene Steaten fan Amearika ek as soevereine steat te erkennen.

De provinsje Fryslân ûnderskiedt him fan de oare Nederlânske provinsjes, omdat allinnich yn de provinsje Fryslân in net-Nederlânske autochtoane minderheid wennet (yn Fryslân wurdt it Frysk troch de mearderheid fan de bewenners praat). Dy bysûndere posysje freget om in bysûndere polityk. As jo it foar de minderheden opnimme, meitsje jo josels net altiten populêr. Soks freget wiisheid, goed belied en moed. Wy tinke dat dy trije eigenskippen passe by it karakter fan de Steaten fan Fryslân.

Ferline wike (27 oktober) berjochten wy dat Kataloanië de noch nije Koerdyske steat Rojova erkend hat ([Katalaansk parlemint erkent Koerdyske steat Rojova | It Nijs](#)).

No freget de Jongfryske Mienskip (JFM) oan Provinsjale Steaten fan Fryslân om Kataloanië dêryn te folgjen en erken Rojova ek. De JFM wiist de Steaten derop dat it net de earste kear wêze soe as Fryslân soks dwaan soe. Op 26 febrewaris 1782 naam Provinsjale Steaten ommers it beslút om de Feriene Steaten fan Amearika as soevereine steat te erkennen.

JFM: 'De provinsje Fryslân ûnderskiedt him fan de oare Nederlânske provinsjes omdat allinnich yn de provinsje Fryslân in net-Nederlânske autochtoane minderheid wennet (yn Fryslân wurdt it Frysk troch de mearderheid fan de bewenners praat). Dy bysûndere posysje freget om in bysûndere polityk. As jo it foar de minderheden opnimme, meitsje jo josels net altiten populêr. Soks freget wiisheid, goed belied en moed. Wy tinke dat dy trije eigenskippen passe by it karakter fan de Steaten fan Fryslân.'

It brief dêr't de JFM fan freget om dy yn Provinsjale Steaten te besprekken en nei oanlieding dêrfan Rojova as autonome dielsteat te erkennen is [hjiir](#) te lêzen.

Spontane manifestaasje op it Reaklif gjin offisjele betinking op 25 septimber 2021

Yn 2020 koe de betinking fan de Slach by Warns troch koroanamaatregels net trochgean. Doe hat in hiel lyts groepke aksjefierders yn 't sok fan Kerst Huisman in kuier makke fan Starum nei it Reaklif en werom. It doel wie om it idee fan in soarte fan grûnwet foar Fryslân yn 't omtinken te bringen. Sa'n dokumint soe ek in oare namme hawwe kinne, mar it wurdt no (noch) mei sin Grûnwet neamd om oan te jaan dat it te rêden is om in fûneminteel útgangspunt foar de Fryske identiteit. Der soe yn fêstlein wurde moatte wat der krekt bedoeld wurdt as der praat wurdt oer Fryslân, de Friezen en de Fryske kultuer. Dêr is it tinken mei anneks dat net de ienheidssteat fan 'het Koninkrijk der Nederlanden' útmakket wat it plak fan Fryslân en syn ynwenners wêze moat, mar dat hjir eigen útgangspunten binne dy't dy posysje beskiede.

Yn 2021 moast it bestjoer fan de Stifting Slach by Warns op it lêste stuit fannijs in offisjele betinking mei sprekkers en muzikanten ôfblaze om't it kontrolearjen fan faksinaasjebewizen op dat plak praktysk net mooglik wie. In ôfdijer foar de organisators, mar der wie lykwols oare aksje mooglik. It stie eltsenien frij om nei it Reaklif te kommen, toeristen komme der ommers ek geregeld del. Wienen der in jier earder, útsein it lytse ploechje fan Kerst Huisman, net al te folle lju op it klif, diskear kaam der gâns in smite folk. It bestjoer fan de Jongfryske Mienskip (JFM) hat der tûk op ynspile: gau in mikrofoan derhinne om lju dy't dat woenen, wat sizze te litten. Sander Hoekstra wie dêr ien fan. Syn ferhaal



Swaaije op it Reaklif (Warns, sneon, 25-09-2021) by in liet foar in opname dy't ornearre is foar in nije film oer Grutte Pier. Kerst Huisman stiet lofts mei it boerd foar in **Grûnwet foar Fryslân** en Ed Knotter mear oan de rjochterkant mei it t-shirt fan de boargeraksjegroep 'Sis Tsiis' mei as tekst '**Frysk op Skoalle - Bernerjocht**' (foto: S.T. Hiemstra).

is yn dit nûmer fan *Nij Frisia* opnommen. Mei motivearjende wurden en mei it each op de takomst ferliket er de striid fan de Friezen fan eartiids mei dy fan hjoed-de-dei.

Wittenskipssjoernalist en natuerfotograaf Rypke Zeilmaker joech syn fyzje op it Frysk wêzen. Dat er mear in man fan de natuer en minder fan taal en kultuer is, die bliken doe't er de útjefte fan syn Hollânsktalich boek oankundige: *Liever dood dan slaaf. Een pelgrimsreis door de Friese natuur op zoek naar vrijheid.*

Kerst Huisman lei nochris út wat syn idee fan in Fryske Grûnwet ynhold. It dokumint is no yn konsept opboud neffens de 17 kêsten út it Âldfrysk rjocht. De kreative foarm moat noch ûntwikkele wurde, mar dy symboalyske ferwizing nei de histoarje is in goed begjinpunt en slút moai oan by de wurden fan Sander Hoekstra.

Gekoanstekkerich wurde de dielnimmers oan de betinking op Leaffrouwedei gauris 'de wenstige, trouwe klifgongers' neamd, mar dy karikatuer gie fan 't jier net op. Yn de parse waard it barren diskear in 'wylde betinking' neamd. Dêr waard mei oanjûn dat it net te rêden wie om organisearre rituelen, mar om in djippere, spontaan oanfielde essinsje. Sander tsjutte dêr ek op: Fryslân is net allinnich in geografysk plak, mar ek in *kulturele wearde*. It histoarysk opboude mienskipsfie-

len en de yn de rin fan iuwen ûntwikkele taal en kultuer foarmje dêr de essinsje fan. En as it om *identiteit* giet, dan is it in *mienskiplik* oanfielde wearde. Dat waard fan 't jier yn it barren op it Reaklif dúdlik manifestearre: de winsk dat soks tenei mear rjocht dien wurde sil: 'Sa scal it wesa!'

De Fryske flagge waard net demonstratyf hyst, mar wappere de hiele dei. Bruno Rummler song fleurige, mar net minder betsjuttingsfolle lieten, der wie kofje en foar wa't dat woe in Bearenburchje en der wienen nije moetingen. Gjin wûnder dat de *JFM* in stikmannich nije leden byskriuwe koe.

Ed Knotter



Ed Knotter

Simmerfakânsje by de Fenesjanen

Wolter Jetten*

In ûnsichtbere minderheid?

Ôfrûne simmer (2021) hawwe wy de auto pakt nei Sloveenje. Hearlik yn in fakânsjewenning oan 'e Adriatyske kust. Stomtafallich kamen wy by de Fenesjanen telâne, in minderheid yn Ystrje dy't ik noch net koe. De regio Ystrje leit tsjintwurdich yn Kroaasje, Sloveenje en Itaalje. En omdat de Sloveenske kust mar 46 kilometer lang is, bist ek samar yn de beide buorlannen ...

De earste yndrukken

De reis begjint fansels al thús. Wannear't ik op reis gean, wol ik in pear dingen yn de frjemde taal sizze kinne. Dêrom hie ik thús al wat dokuminten mei handige sinnen en wurdlisten op myn tablet set. Gelokkich haw ik yn it ferline in pear wurden Masedoanysk leard. Dat hat my tige holpen om in bytsje Sloveensk en Kroatysk te learen. De Balkantalen (of Slavyske talen) lykje bytiden bêst wol in protte op elkoar. De telwurden ferskille hast hielendal net fan elkoar. Mei de taalhelp op myn tablet koe de reis begjinne. East-Fryslân (Dsl.), dêr't ik wenje, wie ús begjinpunt. Wy soenen in tuskenstop meitsje yn 'e Dútske Alpen en dêrnei soe de reis fierder gean troch Eastenryk nei Sloveenje.

Ienkear op lokaasje begroete ik de ferhierder fan de fakânsjewenning mei 'dober dan' (goedei). De ferhierder, Mario Liscia, wie net bot ûnder de yndruk fan myn talekennis en ferfolge it petear yn it Dútsk. Syn Dútsk wie net hiel bêst en dêrom besocht ik hieltyd wer wat yn it Sloveensk te sizzen. It gong allegear wat mei hannen en fuotten, mar it kontakt wie o sa freonlik en posityf. Mario is in man fan om de sechtich jier hinne en mega relaxed. Hy negearre myn besykjen om Sloveensk te praten. Op dat momint frege ik my noch ôf wêrom ...

Krekt foar oankomst by de fakânsjewenning hienen wy al aardich wat dûbeldtalige buorden sjoen, mar wat dy oare taal no krekt wie? De iene taal wie Sloveensk, de oare taal hie wol wat fan it Italjaansk. Kombuorden, reklamebuorden en paadwizers wienen dus allegear yn dy twa talen. Dêrom typte ik op myn smartphone 'map national minorities Europe' en 'map minority languages Europe' yn. Ik seach allegear taalkaarten, mar net ien koe myn fermoeden befêstigje. No woe ik it witte ek! Hawar, myn soan stie al klear om nei it strân ta te gean. Earst mar eefkes swimme en snorkelje dus.

Italjanen yn Ystrje

Nei it swimmen en snorkeljen gongen wy wer nei ús fakânsjewente. Op de wei dêrhinne waard ik troch in âldman mei ‘buona sera’ begroete. Huh? Italjaansk? Yn de sykmaschine typte ik ‘Italians in Slovenia’ yn en fuort hie ik in treffer. Der soenen noch sa’n 3.500 Italjaanske memmetaalsprekkers yn it Sloveenske kustgebiet wenge. Ik socht fierder en ûntdiek dat der ek noch sa’n 20.000 oant 30.000 Italjaansktaligen yn Kroaasje har thús hienen. De measten wennen yn it Kroatyske part fan Ystrje en yn in pear doarpen wienen de Italjaansktaligen sels yn ‘e mearderheid! Oan de iene kant fûn ik dat naver omdat ik dy taal minderheid noch nea op in moderne taalkaart sjoen hie. Oan de oare kant is it bêst logysk, mar dan moastst wol de skiednis kenne.

Lang lyn wie der in Romeinsk Ryk. Dat ryk foel útin-oar en iuwenlang bestie Itaalje út stedsteaten en lytse lannen. De skiednis fan de *Republyk Feneesje* begjint yn 697 en Napoleon makke yn 1797 in ein oan ‘e ûnôfhinklikens. Feneesje wie foar 1797 miskien wol de belangrykste en machtichste ‘Italjaanske’ stedsteat. De Fenesjanen wienen baas oer in grut part fan it kustgebiet fan ‘e Adriatyske See. Tusken 1200 en 1700 wienen ek grutte gebieten fan it moderne Grikelân ûnderdiel fan de Republyk Feneesje. Yn de 19^{de} iuw hearde Feneesje noch eefkes by Eastenryk-Hongarije, yn 1866 waard it definityf ûnderdiel fan it moderne Itaalje.

De Republyk Feneesje hearske dus iuwenlang oer de regio Ystrje. Ystrje leit tsjintwurdich yn Itaalje, Sloveenje en Kroaasje, mar foarmet histoarysk-kultureel noch hieltyd in beskate ienheid. Oant en mei de ein fan de Twadde Wrâldoarloch prate sa’n bytsje eltsenien yn de kuststêden *Italjaansk* of *Fenesjaansk*, wylst it binnenlân foaral Kroätysk of Sloveensk prate.



Sloveensk boppe en Italjaansk ûnder (foto: W. Jetten).

It die bliken dat Mario, de ferhierder, gjin Italjaansk, mar Fenesjaansk prate. Hy wie grutsk op syn Fenesjaanske identiteit en hie ûnderwilens ek al myn *fri*-kenteken sjoen. De D op myn Dútsk kenteken haw ik ommers oerplakt mei in saneamde kentekenstikker dêr’t FRL en de Europeeske stjerren op steane. Mario woe graach witte wêr’t wy wei kamen. Ik sei dat er eefkes wachtsje moast. Op myn telefoan socht ik op de Italjaanske Wikipedia nei it artikel *Frisia* (Sloveensk: *Frizsko*) en joech Mario myn telefoan. Ik hie him allinnich it artikel oer de provinsje Fryslân lêze litten, mar al gau die bliken dat Mario aardich goed op ‘e hichte wie. Fryslân wie neffens him de hiele kuststreek tusken Ingelân en Denemark. Neffens my hie er it net better ûnder wurden bringe kind en ik joech him myn komplimenten. Mario fûn it ek geweldich dat ik Frysk praat mei ús 11-jierrige soan Hindrik. Hy fertelde my dat de Fenesjanen harren taal yn Sloveenje net mear trochjouwe oan ‘e bern. Yn Kroaasje soe dat noch wol sa wêze. Nijsgjirrich, no woe ik mear witte!

Fenesjaansk en Italjaansk?

Fenesjaansk en Italjaansk binne de talen fan de Italjaanske minderheid yn Ystrje. Formeel telt allinnich it Italjaansk, it Fenesjaansk hat gjin status. Mario syn memmetaal is lykwols Fenesjaansk. Oft Fenesjaansk no in aparte taal is of in sterk ôfwikend Italjaansk dialekt, dat is net altiten dúdlik. De iene helte fan de Fenesjanen sjocht harren taal as in Italjaansk dialekt, de oare helte sjocht it wol as in ‘echte’ taal. Troch de grutte ferskillen mei de standerttaal neame taalwittenskippers it Fenesjaansk faak in taal.

Eartiids praten alle ‘Italjanen’ (*Fenesjanen* is histoarysk korrekter) yn it kustgebiet fan Ystrje it Fenesjaansk. Tsjintwurdich praat de Italjaanske minderheid yn Sloveenje en Kroaasje foaral de Italjaanske standerttaal. Mario fertelde dat it Fenesjaansk yn Sloveenje allinnich troch sechtichplussers praat wurde soe. Yn Kroaasje soenen noch in pear jonge húshâldings Fenesjaansk mei de bern prate. Mario koe sels ek Fenesjaansk skriuwe, mar foar de measte Italjanen yn Ystrje is Italjaansk dé skriuwtaal.

Taalûnderdrukking

Eartiids prate sa’n bytsje it hiele kustgebiet fan Ystrje Italjaansk of Fenesjaansk. De Italjanen binne dus in minderheid wurden. Fansels woe ik graach fan Mario witte hoe’t de taalsituaasje feroare is.



De stêd Piran/Pirano yn Sloveenje docht suver Italjaansk oan (foto: W. Jetten).

Mario fertelde my dat âld-diktator Tito dêr ferantwurdlik foar wie. Tito wie diktator fan Joegoslaavje. Tusken 1918 en 1991 bestie Joegoslaavje út de dielrepubliken Sloveenje, Kroaasje, Bosnje en Hertsegovina, Servje (ynkl. Kosovo), Montenegro en Masedoanje.

Tito wie yn de Twadde Wrâldoarloch lieder fan de kommunistyske *Partisanen*, in fersetsgroep dy't focht foar in kommunistyske Joegoslavyske steat. Fan 1945 oant syn dea yn 1980 fierde Tito in diktatoriaal bewâld. Mar hoe't er no krekt de taalsituaasje yn Ystrje feroare hat?

Mario fertelde my dat de Italjaanske taal ûnder Tito ferbean wie. Italjaanske bern moasten op skoalle in jier oerdwaan as se ek mar in pear wurden Fenesjaansk of Italjaansk brûkten. De bern mochten dus allinnich mar Sloveensk prate. Mario fertelde ek oer de saneamde eksodus (úttocht) fan Italjaansktaligen. De Italjanen waarden nei de Twadde Wrâldoarloch flink ûnderdrukt en de Slovenen en Kroäten soenen gjin respekt foar de Italjaanske of Fenesjaanske taal hawwe. Mario neamde dat proses 'balkanisearring'.

Lykwols fertelde Mario net dat fóár 1943 de Italjanen krekt de grutte ûnderdrukkers wienen. Ûnder Mussolini, dy't stipe waard troch Nazi-Dútslân, waard just besocht om Ystrje te 'italjanisearjen'. Sy ûnderdrukten de Sloveenske en Kroatyske nasjonalisten, letter dus ek de kommunisten. Slavyske skoallen en tsjerken moasten

definityf harren doarren slute, Slavyske efternammen en doarpsnammen waarden omneamd yn Italjaanske.

Fan 1943 ôf begûnen de Partisanen mei harren ferjilding. Sy namen wraak op de Italjaanske befolking fan Ystrje. By de *Foibe*-massamoarden kamen tûzenen Italjanen om it libben. In *foibe* is in grutte natuerlik grot mei allinnich in útgong nei boppen. Wa't deryn falt, komt der dus net samar wer út. Der binne ferskillende 'foiben' yn Ystrje. Faak waarden de Italjanen noch libben yn sa'n gat smiten, wêrnei't it gat bedutsen waard mei ierde. Yn de jierren nei de oarloch is in grut part fan de Italjaanske befolking flechte. De sifers fariearje tusken de 200.000 en 350.000 flechtlingen.

De hjoeddeistige situaasje

Hjoed-de-dei is it rêstich yn Ystrje. Oeral sjocht men twatalige opskriften. Oerheid en bedriuwen wurkje der beide oan mei. Nei jierren fan ûnderdrukking fan beide kanten lykje de minsken no yn harmony mei elkoar te libjen. De taalferhâldingen lykje sels ridlik stabyl, ek al wie Mario wat minder posityf oer de posysje fan it Fenesjaansk.

By thúskomst haw ik noch eefkes socht nei ynformaasje oer dat ûnderwerp. De Italjaanske minderheid is better organisearre as ik tocht hie. De wichtichste organisaasje foar de Italjaanske minderheden yn Sloveenje en Kroaasje is de saneamde *Comunità Nazionale Italiana in Croazia e Slovenia* ('Italjaanske Uny'). Haaddoel is it


beskermjen en ûntwikkeljen fan 'e nasjonale, kulturele en taalkundige identiteit fan 'e Italjaanske mienskip.

Neffens de *Italjaanske Uny* binne der 3.254 Italjanen yn Sloveenje en 28.668 Italjanen yn Kroaasje. It heechste orgaan fan de *Italjaanske Uny* is de Algemiene Gearkomste mei 75 demokratysk keazen leden dy't elts in mandaat fan fjouwer jier hawwe. De Italjaanske Uny organisearret in ferskaat oan aktiviteiten (op sportyf en kultureel mêd), jout advys op it mêd fan meartaligens en is de koepelorganisaasje foar de Italjaanske skoallen yn Kroaasje en Sloveenje.

Mei Italjaanske skoallen wurde folslein Italjaanskstalige skoallen bedoeld. De skoallen hâlde har fansels oan it

lanlik kurrikulum (learplan) fan Kroaasje en Sloveenje, mar dogge fierders alles yn it Italjaansk. Yn Kroaasje hat de organisaasje 14 pjutteboartersplakken, 11 basisskoallen en 4 skoallen foar fuortset ûnderwiis, yn Sloveenje hawwe se 3 pjutteboartersplakken, 3 basisskoallen en 3 fuortset ûnderwiis skoallen. Yn Kroaasje sitte 3.388 bern op in Italjaanske skoalle en yn Sloveenje is dat 1.259 (teljier: 2015/16).

Dêrneist wurdt Italjaansk sawol yn Kroaasje as yn Sloveenje as fak oanbean. Yn de grinsregio begjinne se al op de basisskoalle mei it Italjaansk. Sa'n 15 persint fan de Slovenen kin Italjaansk prate. Dêrmei hat Sloveenje binnen de hiele Europeeske Uny it heechste tal twadde-taalsprekkers fan it Italjaansk. De 15 persint jout wol




Taalkaart fan Ystrje yn 1991 (boarne: Wikipedia).

oan dat it Italjaansk net foar alle Slovenen fan belang is. Yn 'e grinsregio spilet it in grutte rol, yn de rest fan it lân folle minder. Yn it noardeasten fan Sloveenje, oan 'e grins mei Eastenryk, spilet it Dútsk in folle gruttere rol.

Doe't ik in bytsje in idee krige fan de status fan de Italjaanske minderheid, koe ik it net litte om harren situaasje mei dy fan ús te ferlykjen. Yn Sloveenje hat it dûbeldtalige boerd *Policija/Polizia* my oan it tinken set. Foar de funksjonaliteit hie it boerd ek wol ientalich wêze kind. De Slovenen sille *Polizia* grif wol begripe en de Italjanen sille *Policija* ek wol begripe. Twatalichheid hat dus net allinnich in funksjoneel doel. It giet ek om respekt foar de beide talen. En dat respekt mis ik yn Fryslân wol gauris. Noch altyd stiet by ús allinnich mar *Politie* op 'e unifoarmen en plysje-auto's, wylst der echt noch wol romte is foar it Fryske wurd *Plysje*. Hieltyd mear Friezen wurde har bewust fan it belang fan it Frysk, mar wy meie bêst wol hurder mei de fûst op 'e tafel slaan. **Lyk rjocht foar elts!** Goede foarbylden binne der genôch. Lit ús dy foarbylden no ek in kear brûke!

* *Wolter Wybren Jetten (1984) wennet yn East-Fryslân (Dsl.) en is skatbâlder-skriuwer fan de Jongfryske Mienskip.*



Histoaryske taalkaart fan Ystrje (boarne: Wikipedia).

De regio Ystrje (boarne: Wikipedia).

De JFM by de 'wylde' Warnsbetinking (25 sept. 2021)

Sytze T. Hiemstra



Der kaam aardich wat folk ôf op de tige slagge 'spontane' betinking ... (foto: S.T. Hiemstra)

*F*anwegen de koroana waard de Betinking fan de Slach by Warns op 25 sept. 2021 op it Reaklif benammen in ynformeel barren mei in heech 'op' e dolleroes'-gehalte. De Jongfryske Mienskip hie lykwols ien en oar deeglik taret en soarge foar in tappraak fan bestjoerslid Sander Hoekstra¹ en in diske dêr't tee, kofje en bearenburch omparte waard.

Âld-sjoernalist Kerst Huisman hold in taspraak oer de needsaak fan in eigen Grûnwet foar Fryslân en ek Rypke Zeilmakker makke fan de gelegenheid gebrûk om op dat hillich stee syn ideeën te fersprieden. Boppedat waarden der opnamen makke foar in film oer Grutte Pier dêr't de besikers yn 'meibewege' koene. En Bruno Rummler song Fryske lieten by de gitaar.²

Op Kerst Huisman syn bydrage komme wy op in oar plak yn *Nij Frisia* werom. Hjirûnder earst it ferhaal fan Sander Hoekstra.

It ferkearde paad yn it ferline, it goede paad nei de takomst (taspraak Sander Hoekstra)

Ik nim jimme werom yn de tiid nei de rûzige nacht fan 25 op 26 septimber 1345. Tsjientallen skippen en in pear tûzen striders sile troch dy nacht fan Inkhuzen nei Starum om dy opstannige Friezen lytsman te meitsjen. De skippen sitte sa grôtfol dat de greven de hynders mar net meinaam hawwe. De lieder fan dy striidmacht, greve Willem IV, hat himsels goed taret op dy ûndernimming. Yn Hollân wiene de belestings yn 't jier dêrfoar al ferhege om dy fjildtocht mooglik te meitsjen.

Greve Willem IV hie it jier dêrfoar noch in grutte oerwinning behelle yn Utert. Nei't de stêd him oerjûn hie, wie ien fan syn easken dat 400 minsken op bleate fuotten foar him knibbelje moasten. In man mei in grut 'ego', dat mist my net. Is dat de reden dat er de Friezen swier ûnderskat hie?



Sander Hoekstra op it Reaklif oan it wurd oer: 'It ferkearde paad yn it ferline, it goede paad nei de takomst' (foto: S.T. Hiemstra).

Yn de oarin nei de 'Slach' hie der al kontakt west tusken de Friezen en Willem IV. De Friezen woene wol wetter by de wyn dwaan en mear belesting betelje om in striid foar te kommen. Mar it opjaan fan harren rjochtspraak en harren frijheid, **soks wie fansels net besprekber**.

Ús frijheid wie mar tydlik

Troch de minne waarsomstannichheden rekke de float ûnderweis útinoar, in part kaam by Starum oan. Willem IV rekke by Warns oan lân en it gie fuort fan halem. Ek al wiene Laaksum en Warns al troch de ynwenners ferlitten, dochs stuts er de doarpen yn 'e brân. Dat makke ús foarâlden dûm. De tsjerkeklokken begûnen te liden en de Friezen kamen yn aksje. Healwei it paad nei Starum barste de striid los en Willem krige it dreech. Sadwaande kaam er op it Reaklif ta it beslút om oer Skarl nei Warns werom te gean. De dyk dy't er naam, stiet oan de dei fan hjoed noch altiten bekend as 'de ferkearde wei'. En sa wie it ... Yn it sompige lânskip kamen de striders yn harren swiere harnessen net sa fier. De rest witte wy en is jimme grif bekend. Gâns Hollânske eallju en hûnderten oare fijanlike striders hawwe de slach net oerlibbe. De Hollânske nederlaach makke grutte yndruk yn hiel Jeropa. In oar gefolch wie dat de Friezen yn ús Fryslân noch sa'n 150 jier harren **frijheid** behâlde koene. Dêr wie it om te rêden: ús **FRIJHEID!**

Sûnt 1815, de tiid nei Napoleon, binne wy ús frijheid wer kwytrekke trochdat der in sintralistyske ienheidssteat kommen is. Wêrby't de macht wer by it

¹ Sander Hoekstra is ien fan de twa foarsitters fan de Jongfryske Mienskip. Syn ferhaal is ek oan te klikken op 'It Nijs' fan 26 sept. 2021: <https://www.itnijs.fr/2021/09/it-ferkearde-paad-yn-it-ferline-it-goede-paad-nei-de-takomst/>

² Yn de *Ljouwerter Krante* stie in tige ûnfolslein en misliedend 'ferslach' fan Goos Bies oer de spontane betinking ('Versoepeling nekt herdenking bij Warns'). Sytze T. Hiemstra hat dêr op ûnderskate plakken op Facebook (27 sept. 2021) kopsje op makke:

“FERKEARDE TAAL (154)

Tige ûnbetrouber en slim ûnfolslein Hollânsktalich 'ferslach' (Ljouwerter Krante, 27-09-2021, s. 20) fan de ynformele en spontane, tige slagge en goed besochte betinking fan de 'SLACH' by Warns (sneon, 25 sept. 2021). Mei as tajefte dêryn in pear amper relevante Frysktalige oanhalen fan Tom Dykstra (dy't der yn it begjin sels mar koart by west hat) as suertsje by de boadskippen.

Neat oer de Jongfryske Mienskip mei in treflik ferhaal fan Sander Hoekstra oer û.o. it driuwende ferlet fan Fryske autonomy. Neat oer de wichtige bydrage fan Kerst Huisman oer de needsaak fan in Fryske Grûnwet. Neat oer it ferhaal fan Rypke Zeilmaker en it sjongen en spyljen fan Bruno Rummler. Neat oer de opnamen foar in film oer Grutte Pier dêr't gâns besikers sels by yn aksje komme mochten.

LC-'ferslachjouwer' Goos Bies hat it blykber net nedich achte om der sels hinne te gean en hat sadwaande wer aardich wat 'fake news', 'nepnieuws', d.w.s. 'falsk nijs' de wrâld yn slingere. De telefoan is wol sa maklik, sittend op 'e luie kont ...

Sjoch foar it 'wiere', Frysktalige nijs it ûnmisbere, digitale 'It Nijs' (fan de Ried fan de Fryske Beweging) en de fotorapportazjes op Facebook fan û.o. de Jongfryske Mienskip (Sander Hoekstra), Gosse Hovinga en Sytze T. Hiemstra.

In TREURIGE saak, sa'n beroerde LC-ferslachjouwing. De krante is hurd op wei om syn bestearsrjocht te ferliezen ...”



Sander Hoekstra hâldt de Jongfryske kollektebus heech (foto: S.T. Hiemstra).

sterk dominante Hollân kaam te lizzen mei in Willem I op de troan as nije kening. Dat sinnige ús as federalisten net en dat is sa bleaun. Wês wach, want der sit noch jimmeroan in Willem op 'e troan.

Wy fertsjinje better ...

Foar guon liket dat faaks moai. Ommers, Fryslân hat syn eigen taal, wy meie dy prate foar de rjochtbank en it Frysk is in ferplichte fak op skoalle. Ek yn Jeropeesk ferbân binne wy as Friezen in erkend folk en hawwe wy in erkende taal en dat jout likegoed rjochten.

Op papier liket it dus noch net sa min, mar yn 'e praktyk binne der noch hiel wat losse eienen. Om de fjouwer jier komt in ôffurdiging fan de Rie fan Jeropa nei ús ta om nei te gean hoe't it sintrale Haachske regear omgiet mei syn nasjonale minderheden. En alle kearen wer lige harren rapporten der net om.

Sa wurdt der noch fierstente min Frysk brûkt by iepenbiere ynstellingen en yn gebouwen. Der binne fierstente min Fryske tolken op in goed nivo. It ûnderwiis yn it Frysk en de Fryske skiednis op ús skoallen sjit noch slim te koart. En it Haachske regear docht der amper wat oan om dat better te krijen. Hoe is it dochs mooglik dat in donorformulier en in jûnsklokformulier wol yn 't Poalsk, Arabysk en Sineesk te krijen is, mar net yn 't Frysk. Dat soe dochs automatysk regele wurde moatte. Der moast earst wer in oanklacht komme fanwegen diskriminaasje foar't it mei dat formulier yn kalk en semint kaam. Mei tank oan meldpunt diskriminaasje Fryslân en de geweldige ynset fan direktrese Mirka Antolovic en deputearre Sytske Poepjes.

Mar lit ús earlik wêze: wy **fertsjinje better, folle better!**

Fryske Mienskip

Al sûnt iuwen fêstigje minsken fan bûten harren op ús Fryske grûn en kinne se, as hja dat wolle, frijwillich diel útmeitsje fan ús Fryske Mienskip. Eins is it net te begripen dat ús Mienskipsielen der nei al dy iuwen fan ûnderdrukking noch altiten is. De Fryske paradoks lit ús sjen dat, ek al hawwe wy it hjir finansjeel minder as yn de rest fan Nederlân, wy it alderlokkichst binne. Nei ûndersyk die bliken dat der ferskate dingen yn meispylje. In pear haw ik dêr úthelle: bygelyks de **rêst** en de **romte** fan ús lânskip. De terpkjes dêr't wy al iuwenlang op wenje en ús striid tsjin it wetter hawwe makke dat wy yn swiere tiden inoar helpe, mei-inoar meifele en sa is ús Mienskip ûntstien. Mar ek it besit fan in eigen taal en kultuer meitsje diel út fan ús lok. Wy fiele ús frij om Fries te wêzen, dat kin in bewuste kar wêze, ek as jo hjir net hikke en tein binne. Myn widze stie yn Opperdoes en goed besjoen bin ik in West-Fries, dat ik wit wêr't ik oer praat. Ik waard my bewust fan it sykjen nei myn Fryske identiteit doe't ik 50 wie.

Ûnderwiis yn de Fryske skiednis sit yn it ferdombhoekje

Ik begûn my ôf te freegjen wêrom't ik op skoalle net leard hie dat er in Friezetsjerke yn Rome stiet. Wêrom hie ik neat leard oer de *Lex Frisionum* en *Magna Frisia*? Wêrom neat oer de Romeinske skiednisskriuwer Tacitus, dy't skreaun hat oer dat ellindige folk dat libbe op bulten modder yn 'e see? Mar ek oer kening Rêdbâd en greve Gerulf dy't in grûnslach lein hawwe foar de hjoeddeistige provinsjes Noard- en Súd-Hollan en eins ek fan it hjoeddeistige Nederlân.



Sander Hoekstra (lofts) rekkenet ôf by it diske fan de JFM mei kofje, tee en bearenburch (foto: S.T. Hiemstra).

It wie de Ingelske skiednisskriuwer Michael Pye dy't him ôffrege wêrom't der yn Nederlân net mear omtinken foar de Fryske skiednis is. Syn konklúzje wie dat de oerwinner de skiednis skriuwt en *ja* ..., wy Friezen binne in folk dat oerwûn is.

Dochs bûge wy gauris mei, hast alle kanten út, sûnder ús eigen identiteit te ferliezen. Sterker noch, yn drege tiden stiene wy net allinnich klear foar flechtelingen út Nederlân lykas yn de oarlochswinter, mar ek fan fier dêrbûten. Hjoed-de-dei is **Ús Mienskip** 'all-inclusive' en alleman dy't dat wol, kin diel útmeitsje fan dy Fryske Mienskip. Neat oan de hân dochs?

Nei 1700 waard ús turf hjir weihelle en begjin 1900 waarden ús terpen ôfgroeven en no wurdt it sâlt en it

gas ús ûnder de kont wei stellen. Mar ek de plannen foar grutskalige wentebou by Drachten en op It Hearrenfean om de wenningneed yn de Rânested te ûntlêsten, sjoch ik as in grutte bedriging fan ús **Mienskip** en ús **Frijheid**. Yn it deltaplan oer de wenningbou wurdt mei gjin wurd rept oer de ynfloed dy't dat hat op it **Frysk** of de **Friezen**. Ik kin net oars as konkludearje dat wy ferwurden binne ta in wingewest fan de Rânestêd. Mei de beslissing ferline wike om ûnder it Waad by Ternaard nei gas te boarjen hat it Haachske regear, lykas dy greve út 1345, al wer 'it ferkearde paad' nommen. De skiednis werhellet him.

Op wei nei Fryske autonomy en in eigen grûnwet

Wy binne in beskieden folk, mar it wurdt tiid dat wy boppe ússels út stiigje, opsteane en mei ús luie kont fan de stoel komme om op freedsume wize te demonstrearjen tsjin it ferkwânseljen fan ús eigen boaiemskatten en it op ûndemokratyske wize bouwen fan sa'n 100.000 wenten. Wêrom soene wy yn de heine takomst net ris stappen sette op it paad nei Fryske **Autonomy** mei in eigen **Grûnwet**. Ik bin fan betinken dat dat **DE WEI** is. De iennichste GOEDE wei nei de takomst fan ús **Mienskip** om dy te bewarjen en te hoedzjen foar ús bern en bernsbarn.

Fryske identiteit en Fryske frijheid

Ik slút ôf mei de wurden fan Flip fan Doarn dy't yn syn krekt útkommen boek *De Friezen* beskriuwt hoe't er op 'e siik is nei syn Fryske woartels en himsels de fraach stelt wat dy Fryske identiteit en Fryske frijheid no eins ynhâldt. Ik sitearje oerset yn it Frysk:

'De Fries yn mysels moat ik net sykje yn myn ôfkomst, mar yn myn takomst. Fries bin ik net om't myn foarâlden út Fryslân komme, mar om't ik krekt as de alderâldsten fan dy foarâlden yn alle frijheid besletten haw om my hjir nei wenjen te setten en diel út te meitsje fan de mienskip. As der in essinsje is, dan is it dy.'

Tige tank foar jim harkjend ear!

Sander Hoekstra

Kollum fan Jaap Slager (16)*

Jantsje fan Arke foarop!

Jawis, mear *aktyf* ferset, Sytze ... Watsei?

Jawis, yn 'e tradysje fan Gandhi en dûmny King. Dat haw ik no foar it ferstân; dat hat Kerst my wol yndruid. *PASSYF* AKTYF 😊 ferset dus!

Hin?

Nee, dêr bedoel ik neat mei. Ik bin wol wizer! As jimme it mar begripe, is it dizze jonge goedernôch. Mar Kerst hie it oer ORGANISEARRE aktyf passyf ferset, net!? Sjuch, en dêre sit him neffens my de oast. Want dat is ornaris it wrakke steed fan de trochhinne Fries: 'Wa't it net fuort en folslein mei my iens is, moat ringen harren¹ komme; sa kin er in wâd foar de kloaten krije!' Of *hja* fansels!

Hin?

Nee, dat is net mei inoar yn tsjinspraak; net mear as aktyf passyf, yn alle gefal. As de Fryske manlju se net mear hawwe, moat it fan 'e Fryske froulju komme, wier! En ik bedoel net dat wy altyd al ôfhinklik fan har west hawwe as it op Friezen-meikloaten op 'e wrâld setten oankomt. Nee, ik bedoel it letterlik, as útgûl fan wanhope: *Jantsje fan Arke foarop!*

Want, salang't wy it net opbekje kinne en lis de klam op wat ús *ferienet* (yn stee fan op wat ús skiedt), kinne de lju dy't ús kultuer op in pypfol hawwe, wol mei de



'De' Fryske **Jeanne** d'Arc is fansels 'ús' **Jenny** ...
(Foto: S.T. Hiemstra, Reaklif, Warns, 25-09-2021)

hannen yn 'e bûsen op 'e seedyk stean bliuwe en tsjûge wêze fan hoe't wy ús erf sels nei beppe kelder ditte en datte. Koartsein, dy't oer in balke springe wol, moat oer in strie net stroffelje. De froulju moatte fanwegenkomme foar't it te let is!

Wat it stilsetten fan in trein oanbelanget, haw ik noch net rjucht op it netflues wat soks ta de saak – *Frysk op skoalle*, as ik it goed foar de fernullen krige haw – docht, oars as Friezen om utens ta ûnfreon meitsje dy't hurd nei it sikehús yn Ljouwert of witwêr wolle om't der hommels in sibbe of goefreon opnommen is – of slimmer ...

'Ik wol it,' skriuwt Kerst striidber, 'mar net allinnich.'

'It binne al lang net mear allinnich it regear yn De Haach yn 't bysûnder en de Hollanners yn 't algemien, Jaap, dy't harren tasizzings net neikomme', krij ik langer ynprikele fan sibben en freonen, as ik de rjuchtens en sljuchtens fan *de Fries* wer ris te bot idealisearje. 'In man in man, in wurd in wurd, hahaha ... *das war einmal!*'

Dat ik sjuch Kerst skielk allinnich oan 'e needrem hingjen.

¹ *Kom ris harren!* = kom hjir ris! *Ringen* = mei gauwens, mei faasje.

En mei't de autoriteiten fanwegenkomme en har baas meitsje, witte syn meistridders ynienen fan 'e prins gjin kwea mear. Risseltaat: in dei foar de prins.

It is in earnige² treast dat foaroanlju meast nei't se ferstoarn binne, de eare krije dy't har takomt, en – as it treft – in sillichferklearring ...

Watsei, Sytze? Bin ik it no dy't allegearre apen en bearen op 'e dyk sjucht? Bin ik it no dy't oer in strie stroffelet?

No, dan sil ik mar gau ophâlde en ôfslute mei wurden dy't oer in jier of fyftich as deagewoan geef Frysk jilde ...

Een zalige Kerst!

** Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, behearsket ek it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande 'kollum' is skreaun op 3 maaie 2021. De beide noaten binne troch Ed Knotter taheakke!*



Kerst Huisman kin wol gâns mear stipe brûke by it **aktyf** passyf neistribjen fan ús Fryske frijheid! (Foto: S.T. Hiemstra, Reaklif, Warns, 25-09-2021)

Fryslân is ta oan in eigen Grûnwet

Kerst Huisman

Wat falt jimme op by ûndersteand rychje 'lannen'?

Gebiet	Bestjoersfoarm	km ²	Bewenners
Lúksemboarch	steat	2.586	628.000
Montenegro	steat	13.812	621.000
Malta	steat	316	515.000
Andorra	steat	468	77.142
San Marino	steat	61	33.600
Guernsey en Jersey	semy-autonom	198	170.499
Saarlân	Dútske dielsteat	2.570	995.600
Fryslân	ôfhinklike provinsje	5.749	649.000

Der binne fiif soevereine steaten yn Europa mei minder ynwenners as Fryslân. Fan dy fiif hawwe fjouwer in oerflak dat lytser is as Fryslân. 'Soverein' betsjut dat men yn frijheid beslute kin oer jins eigen dingen. Dat soe yn saken fan ierdgaswinning, romtlike oardering (tink oan de Lelyline en dy idioate wentebouplannen), de Fryske taal en it ûnderwiis yn de eigen skiednis in wrâld skele kinne. It betsjut ek dat sa'n mienskip de frijheid hat om him oan te sluten by ynternasjonale organisaasjes, lykas de Feriene Naasjes.

Der binne hiel wat regio's yn Europa dy't in dúdlik omskreaun eigen foech hawwe binnen de steaten dêr't se yn lizze, lykas elts 'Land' (dielsteat) yn Dútsklân, de kantons yn Switserlân en ek regio's yn Italië, Spanje en it Feriene Keninkryk. Ik kom no net oansetten mei Wales en Skotlân, mar neam it eilân Man, mei in oerflak fan 572 km² en 90.499 ynwenners, likegoed in selsbestjoerende regio. Al dy soevereine steaten en regio's mei selsbestjoer hawwe ek in konstitúsje (grûnwet) dêr't de rjochten helder yn beskreaun binne. Al dy steaten en regio's hawwe in grûnwet dy't folslein frij is of gearhinget mei de grûnwet fan de steat dêr't se yn lizze. Mar útdruklik mei dúdlik omskreaune eigen rjochten en plichten.

Allinnich Fryslân, perfoarst net it lytste yn dat selskip, is sûnt 1815 folslein ôfhinklik. Dat moat dus oars! Dat kin ek oars, as Friezinnen en Friezen it wolle.

² Prachtich Frysk wurd, *earnich*, sykje dat mar ris op.

It hoecht ek net te betsjutten dat alle 650.000 ynwenners fan Fryslân meidogge. As der mar in grutte minderheid is dy't it wól. It binne nea meartallen dy't de wrâld feroarje, it binne altiten doelberette minderheden dy't soks foarinoar krije.

Hjirby doch ik de tekst fan in ûntwerp fan Grûnwet dy't ik skreaun haw. Dat like my needsaaklik ta omdat wy dan in dokumint hawwe dêr't oer praat wurde kin. Boppedat moat fantefoaren dúdlik wêze hoe't wy in ûnôfhinklik of semy-autonom Fryslân ynrjochtsje wolle. It is fansels myn ferhaal, dat net sûnder

meisprekken fan oaren yn Fryslân ynfierd wurde kin. It betsjut dat in soad minsken dêr allegearre oer meiprate kinne. It kin ek ynhâlde dat de definitive tekst oars wurdt. Ik rop eltsenien op om oan de diskusje mei te dwaan en ynbring te leverjen.

Der sil, om dy aksje goed fan de grûn te krijen, in Komitee Fryske Grûnwet foarme wurde moatte. As men út namme fan in komitee sprekt, dan hat dat wurd folle mear gewicht as dat men soks as ienling docht. Elts dy't dêr niget oan hat, wurdt fan herten útnûge him of har op te jaan.

De konstitúsje fan it Frije Fryslân

Kerst Huisman

*Yn it witten fan en it fuortbouwen op de 1200 jier âlde Lex Frisionum, de iuwenâlde Santjin Kêsten en Fjouwerentweintich Lânrijochten, it Traktaat fan de Sân Seelannen en alle wetten en privileezjes dy't der west hawwe om ús ûnôfhinklik folksbestean te hoedzjen, dogge wy Friezinnen en Friezen dy't dizze ferklearring ûnderskriuwe en alle oaren dy't it dêrmei lykfine kinne, hjirby te witten dat wy ús hjir ienriedich útsprekke foar in nije konstitúsje, hjirnei **Grûnwet** te neamen. Dy Grûnwet is mei basearre op de Universele Ferklearring fan de Rjochten fan de Minske. It berik fan dizze Grûnwet sil jilde foar it gebiet fan de hjoeddeistige provinsje Fryslân, mar de Grûnwet kin ek oannommen wurde troch de eardere Sân Fryske Seelannen¹ en troch oare gebieten dy't har oanslute wolle soenen by de nije, noch te foarmjen Konfederaasje fan de Seelannen. De Grûnwet fan it Frije Fryslân befettet de folgjende Santjin Kêsten:*

A Algemien

1 Boargeressen en boargers ûnderskriuwe de begjinsels fan de Grûnwet om diel hawwe te kinnen oan alle rjochten dy't dêrby hearre. Hja kinne dêr yn foarkommende gefallen ek oan holden wurde. Eltsenien is gelyk foar de wet en wurdt yn foarkommende gefallen lyk behannele. Eltsenien út oare kontreien dy't de Grûnwet fan it Frije Fryslân ûnderskriuwt, kin boargeresse of boarger wurde.

2 De ynwenners fan it Frije Fryslân sprekke har yn in referindum út oer it feitlik (of yn hoefier't hja dat wolle)

dielnimmen oan ynternasjonale organisaasjes en ynstutten.

B It iepenbier bestjoer

3 It binend referindum heart ta de grûnslach fan it Frije Fryslân.

4 It Frije Fryslân is in republyk.

5 It bestjoer fan it Frije Fryslân wurdt foarme troch in by frije ferkiezingen troch de boargeressen en boargers keazen parlemint.

6 De presidint fan it Frije Fryslân wurdt streekrjocht troch de stimberjochtige ynwenners keazen. Publike funksjonarissen, lykas boargemasters, wurde troch it stimberjochtige folk keazen.

C Ekonomy en Finânsjes

7 It Frije Fryslân sil in eigen munt hawwe.

8 It Frije Fryslân giet soarchfâldich en duorsum om mei wolwêzen en wolfeart fan de ynwenners. Dat hâldt ek yn dat ferantwurdlik omgien wurdt mei grûn en wetter en mei privatisearing en globalisearing fan ûndernimmingsen en ynstellingen.

9 Yn gruttere ûndernimmingsen en yn filiaalbedriuwen

¹ 1. West-Fryslân (it noardlike part fan Noard-Hollân), 2. it Frysktalige Fryslân mei de eilannen, 3. it Suderleech, de Kop fan Oerisel, Stellingwerf en Drinte, 4. Grinslân, 5. East-Fryslân en Sealterlân, 6. de Kreis Friesland, it noardlike part fan de Wesermarsch en it Lân Würsten. De Grûnwet sil ek jilde foar Noard-Fryslân yn Sleeswyk-Holstein (7).

wurdt in wetlik fêstleine en garandearre foarm fan sizzenkip fan de wurknimmers ynfierd.

D Rjocht en Hanthavening

10 Eltse ynwenner fan it Frije Fryslân is allyk foar de wet. Der besteane gjin foarrjochten op grûn fan komôf, plak, berte en famylje. Tafersjoch dêrop wurdt holden troch in gerjochtshôf.

11 Liedende rjochters en offisieren fan justysje wurde foar in beskaat tiidrek keazen troch it folk en kinne, by foldwaande kwalifikaasjes en foldiene kwaliteit, fannijs keazen wurde.

12 It Frije Fryslân sil ynstitúsjes (fersoarging fan siken en minsken dy't harsels net mear rêde kinne, plysje, in beskieden definsive striidmacht) yn it libben roppe om de rjochten en frijheden fan de boargers en boargeresen hoedzje te kinnen. Dêrta wurdt in algemiene tsjinstplicht foar alle froulju en alle manlju fan 18 oant 25 jier foar in tiidrek fan op syn heechst ien jier ynfierd.

13 Eltse boargeres of boarger fan it Frije Fryslân hat fanwegen de mooglikheid fan selsferdigening yn gefal fan need, rjocht op legaal, mei alle rjochterlike foarsoargen omklaaid, besit fan in fjoerwapen. Yllegaal besit fan sokke wapens wurdt mei swiere straffen tsjinging.

E Frijdom

14 It Frije Fryslân ken en respektarret frijdom fan miensguter, útsein yn gefallen fan bedriging, mislediging en oantaasting fan goede namme.

15 It Frije Fryslân ken en respektarret de frijdom fan godstsjinst en oertsjûging yn de persoanlike libbenssfeer. Op dat mêd leit der fierders gjin opdracht foar it bestjoer, omdat religy in passive frijheid is en gjin aktive frijheid dy't bysûndere rjochten fertsjinnet. Hate siedzje troch religieuze ynstânsjes is ferbean en wurdt swier bestraft. It Frije Fryslân moediget allinnich foarmen fan neutraal iepenbier ûnderwiis oan. Elts bemuoien fan bûten mei dy frijheden wurdt sjoen as in oantaasting fan de soeveriniteit fan it Frije Fryslân.

F Taal

16 It Frije Fryslân ken en respektarret de al besteande offisjele status fan de yn Fryslân sprutsen talen. Talen dy't dy status no net hawwe, kinne dy krije as de sprekers fan de taal dat wolle, soks út te meitsjen ûnder dy sprekkers mei in binend referindum dat in reedlik grutte stipe kriget.

G Yn it gefal fan it ta stân kommen fan in Konfederaasje

17 Yn it gefal fan it ta stân kommen fan in konfederaasje mei ien of mear seelannen jildt dat elts seelân soeverein is, útsein foar dy taken dy't mei ienriedigens fan stimmen tawiisd wurde oan de Konfederaasje of oan ynternasjonale organisaasjes. Dielen fan in seelân dy't in eigen soeverein seelân wurde wolle, kinne soks útmeitsje mei in referindum yn har gebiet troch mearderheid fan stimmen.



Kerst Huisman pleitet op it Reaklif by Warns (25-09-2021) foar de twadde kear foar in eigen Grûnwet foar Fryslân. Krekt in jier earder wie dat ek it gefal (foto: S.T. Hiemstra).

De redaksje fan *Nij Frisia* en it bestjoer fan
de *Jongfryske Mienskip* winskje alle lêzers in sûn en striidber 2022 ta!



Boppe: Swaaije op it Reaklif by in liet foar in opname dy't ornearre is foar in nije film oer Grutte Pier.
Midden: Sander Hoekstra hâldt de kollektebus omheech.
Ûnder: Der kaam aardich wat folk ôf op de tige slagge 'spontane' betinking ... (Alle foto's: S.T. Hiemstra, Warns, sneon, 25-09-2021)

